

# Wa is de BOCK?

## De Bewust Oplettende Carbid-Knaller



Karbidsjitte is in prachtige tradysje dy't njonken it fertroude knallen foar geselligheid soarget tidens de jierwiksel. Yn Fryslân wolle wy dizze tradysje behâlde foar de kommende generaasjes. It is wol fan grut belang dat it karbidsjitten (fan de earste kear ôf) op in feilige wize bart. Om't it oantal karbidknallers sûnt de nije fjoerwurkwet fan

2014 noch hieltyd eksplosyf tanimt, wolle wy it oantal (slimme) ûngemakken sa leech mooglik hâlde. Dy ûntsteane faak troch ûnbekendens en/ of it nimmen fan ûnnediche risiko's. Soargje dêrom dat der altyd in Bewust Oplettende Carbid-Knaller (BOCK) oanwêzich is. De BOCK is op de hichte fan de fiif tips foar feilich karbidsjitten:

## 5 tips

### 1. Soargje foar in goede tarieding

Freegje op tiid by dyn gemeente nei de betingsten en fergunningen.

### 2. Tink om dysels

Brûk beskerming foar it gehoar en draach in feiligheidsbril om dysels te beskermjen.

### 3. Brûk goed materiaal

Brûk allinnich in molkbus yn goede steat mei in stevige boaiem. Sjit mei in plestik bal yn plak fan in molkbusdeksel en soargje derfoar dat de bus, nei it ôfstekken, net werom sjitte kin.

### 4. Stek it karbid feilich oan

Stek de bus oan mei in fakkel op in stôk wylsto sels oan de sydkant fan de molkbus stiest. Gean nea op de bus sitten. Soargje derfoar dat it publyk op in feilige ôfstân stiet.

### 5. Soargje foar EHBO

Soargje derfoar dat der genôch blusmiddels (wetter om ôf te kuolje, blustekken) oanwêzich binne, sadatst goed reagearje kinst, mocht der dochs wat ferkeard gean.

De BOCK is oarspronklik in ynysjatyf fan Brandwondencentrum Groningen, Brandweer Drenthe en Stichting Carbidschieten Drenthe en wurdt stipe troch de Nederlandse Brandwonden Stichting en in grut oantal Fryske gemeenten en de Veiligheidsregio Fryslân.

Sjoch foar mear ynformaasje op [weisdebock.nl](http://weisdebock.nl). Folgje en like ús ek op social media mei #weisdebock.